Boartsje: Hieltyd grutter
De wolk boppe de holle fan Ein wurdt hieltyd grutter. Earst is it in lyts wolkje. It past wol yn ien hân. Doch mei de bern krekt as hawwe jim it wolkje yn 'e hân. It wolkje wurdt hieltyd in bytsje grutter. It past dan earst noch yn it komke fan twa hannen. Mar it groeit fierder en fierder. Kinne de bern de wolk noch yn harren earms hâlde? Hieltyd grutter en grutter wurdt de wolk. Jim moatte de earms hieltyd fierder spriede. Gean der ek by op 'e teannen stean. Wat in grutte wolk! Hy is net mear te hâlden! En dan: barst de wolk! It begjint te reinen. Wat in grutte wolk wie dat!

Sjonge: 'Rein'
út Krobbekoer; dit ferske is ek te belústerjen yn de Tomketeek by it tema 'Hjerst – hjerstwaar' en 'Simmer – wiet wurde'.
As de wolk barst, begjint it te reinen. Ein wurdt wiet en alle oare bisten wurde ek wiet. Fine se dat slim? Of wurde se dêr bliid fan? Sjong it ferske en dûnsje yn de rein, krekt as alle bisten.



Nifelje: Prottelein
Nedich: A3-fellen mei Prottelein derop (bygelyks sa: Foar by de wolk – Ein oertrekke fan de foarkant of fan de earste side fan it ferhaal. Foar by de reinbôge – oertrekke fan de side dêr't Ein plûnzet yn it wetter), krytsjes, stroken yn ferskillende maten en kleuren grien.
Tarieding: Prottelein oertrekke op de grutte fellen, griene stroken op maat meitsje.
Tip: as de fellen in kleurke ha (bgl. ljochtblau) komme de kleuren fan Prottelein, de wolk en de reinbôge moai út.
Witte de bern noch hoe't Prottelein har fielde? Hoe koene se dat sjen? Oan de wolk boppe har holle. Watfoar kleur hie de wolk? Kinne de bern dat krytsje fine? Lit de bern in prottelwolk tekenje by Prottelein. Hoe prottelich is Ein al? Is de wolk noch griis of al hielendal swart?
As de wolk útelkoar barst en it begjint te reinen, dan hinget de wolk net mear yn de loft. Wat hinget der dan yn de loft? Sjoch ek noch even yn it boek. Kenne de bern de kleuren fan de reinbôge? Kinne se dy krytsjes ek fine? Lit de bern op in nij A3-fel de reinbôge by Prottelein tekenje en miskien ek noch wol reindrippen.

Opsizze: 'Lulk'
fan Ciska Noordmans, út *It Grutte Foarlêsboek II*
Ein is oan it protteljen. De wolk boppe har holle wurdt hieltyd grutter en it protteljen wurdt hieltyd mear. Prottelje de bern ek wolris? Binne se wolris lulk? Sis it opsisferske op en lit de bern lekker stampe op de wurden. Lit elkenien nei de lêste rigel eefkes lekker útsuchtsje: 'hè, hè...'

Ik stamp mei myn fuotten,
myn holle ûntploft.
Ik slaan mei de doarren,
dat it knalt yn 'e loft.
It giet oars as ik wol
en dêrom bin ik poer.
No bin ik lulk,
mar aanst is it oer.

Text © 2018 Joyce Dunbar Illustrations © 2018 Petr Horácek GRUMPY DUCK by Joyce Dunbar & illustrated by Petr Horácek
Reproduced by permission of Walker Books Ltd, London SE11 5HJ

LESBRIEF **Prottelein**

DE NATIONALE VOORLEESDAGEN

afûk

Yllustraasjes © Petr Horácek

It printeboek fan 2020

'Moppereend'
fan Joyce Dunbar en Petr Horácek
Fan 22 jannewaris o/m 1 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. It printeboek fan it jier is yn 2020 'Moppereend'. Yn dizze lesbrief fine jim in Fryske oersetting fan it boek, sadat jim it boek ek yn it Frysk foarlêze kinne. By it ferhaal fine jim yn dizze lesbrief suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printeboek hinne.

Foarlêze 'Prottelein' – ynteraktyf
Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat de bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen. Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande wizen. Yn dizze lesbrief steane in oantal suggestjes by 'Prottelein' ('Moppereend').

www.afuk.frl

Foar it lêzen

Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen in kear troch:

- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje derfoar dat de groep net te grut is, sadat alle bern ek echt meidwaan kinne.
- Sjoch mei de bern nei de foarkant fan it boek. Wat tinke se: hoe soe Ein har fiele?
- Lês de titel foar: 'Prottelein'. Ein is prottelich. Witte de bern wat dat is? In bytsje lilk, ûntefreden, it giet net sa'tst it graach ha wolst.
- Hoe sjocht dyn gesicht derút ast prottelich bist? Hoe rinst ast prottelich bist?
- Kinne de bern sjen litte hoe't dat derút sjocht?
- Binne de bern wolris prottelich? Is dat in leuk gefoel?

Lês- en lústerfragen foar ûnder en nei it foarlêzen:

- Wêrom wurdt Ein prottelich?
- Hoe kinst sjen dat Ein prottelich is?
- Witte de bern hoe't de bisten op de siden hjitte?
- Wat docht Hûn? Baarch? Hoanne? Knyn?
- Sjogge de bern de wolk op alle siden? Wat bart der mei de wolk? Dy wurdt hieltyd grutter. Kinne de bern it oanwize mei harren hannen? Hieltyd grutter?
- Kinne de bern de hûn, baarch, ensfh. oanwize op de side dêr't alle bisten ûnder de swarte wolk sitte? Hoe fiele de bisten harren?
- Ein is net mear prottelich as it begjint te reinen. Hoe fielt se har no? Hoe kinst dat sjen?

It ferhaal

Prottelein

Ein wie prottelich.
De fiver wie opdrûge, dus se koe net swimme.
En sy hie net ien om mei te boartsjen.
Der ferskynde in lyts griis wolkje boppe har holle en dat folge har oeral.

Sy flip-flapte nei Hûn, dy't in gat oan it graven wie.
'Ik ha net ien om mei te boartsjen', sei se tsjin Hûn.
'Do kinst mei my boartsje', sei Hûn. 'Ast sin hast om gatten te graven.'
'Nee', prottele Ein. 'Fan gatten graven wurde myn wjukken smoarch.'
'Woef', blafte Hûn.
It lytse grize wolkje waard grutter.

Baarch rôle yn de blabs.
'Ik ha net ien om mei te boartsjen', sei Ein tsjin Baarch.
'Boartsje dan mei my', sei Baarch. 'Yn myn modderpoel.'
'Nee, tankewol', prottele Ein. 'Einen hâlde fan wetterpoelen, net fan modderpoelen.'
'Oink', gnoarre Baarch.
It lytse grize wolkje waard noch grutter.

Hoanne wie oan it kraaien.
'Ik ha net ien om mei te boartsjen', sei Ein tsjin Hoanne.
'Ast nocht hast, kinst mei my boartsje', sei Hoanne.
'Dan kinne wy yn koar kraaie.'
'Ik kin net kraaie', prottele Ein.
'Kukeleku!' sei Hoanne.
It lytse grize wolkje waard noch folle grutter.

Knyn hipte yn it rûn.
'Ik ha net ien om mei te boartsjen', sei Ein tsjin Knyn.
'Hip dan mei my mei', sei Knyn.
'Dan dogge wy wa't it heechste hippe kin.'
'Ja, dat bisto fansels, oaljekoek!' prottele Ein.
'Ik bin gjin oaljekoek', sei Knyn.
It lytse wolkje wie no net lyts mear it wie grut.

Skyldpod lei te slûgjen yn syn skyld.
'Ik ha net ien om mei te boartsjen', sei Ein wylst sy mei har snaffel tsjin it skyld tikke.
'Sille wy tegearre slûgje?' frege Skyldpod. 'Dat is hearlik rêstich.'
'Saai, silst bedoele', prottele Ein.
'Tss', susse Skyldpod.
No wie de grize wolk enoarm.

'Kop op, Ein', sei Geit, dy't drok dwaande wie om de wask fan 'e line te iten.
'Ik ha net ien om mei te boartsjen', sei Ein.
'Yt in hapke mei', sei Geit.
'Dit is in lekker T-shirt.'
'Einen ite gjin klean', prottele Ein.
'En geiten ek net. Sa krijst pinebúk.'

'O ja?' prottele Geit.
No wie de grutte grize wolk
MEGANTYSK!
Der hong in grutte grize massa yn 'e loft, en alle bisten waarden prottelich.

Doe barde der wat nuvers.
De grize wolk waard blau en pears en giel en úteinlik swart!

Under dy megantysk swarte wolk sieten
in hûn dy't opholden wie mei kwispeljen,
in baarch mei hingjende earen,
in hoanne dy't net langer kraaide,
in knyn dy't net mear hipte,
in skyldpod dy't noait wer út syn skyld krûpe woe
in geit dy't lilk nei de grutte swarte wolk seach
en in ein dy't noch hieltyd prottelich wie.

Watfoar wolk wie dat?
Wie it in TRYSTwolk?
Wie it in TREURwolk?
Of soe it ... wie it ...
in PROTTELEINwolk?
Soe dy foar altyd de sinne fertsjusterje?
Soe er BARSTE kinne?
JA,
want ynienen foelen der
spetter, drip, drup, spat, spatter
miljoenen
grutte,
glânzjende,
wiete,
spatterjende
reindrippen!

Ein klappere mei har wjukken.
Sy plûnze en plompte.
Ein wie net prottelich mear.
'Ik flip-flop yn 'e rein.
Kwek, kwek!'
song se.

Ien foar ien diene de oaren mei.
'Ik rôlje yn 'e rein. Knor, knor!'
'Ik blaf yn 'e rein. Waf, waf!'
'Ik kukelekuuu yn 'e rein!'
'Ik hip sa heech. Hip, hup!'
'Ik drink de rein op. Slok, slok!'

'Wat fielt dit geweldich', mêke Geit.
'Wy poedelje en plûnzje fleurich by de fiver', songen se allegear yn koar.
En wêr wie de grutte swarte wolk?